

Yn memoriam

D.T.E. van der Ploeg

Op woansdei 20 septimber is nei in siikbêd fan inkele moannen D.T.E. van der Ploeg op 87 jierrige leeftyd yn syn wenplak Snits ferstoam. De boeresoan út Burgum hat syn hiele wurksume libben yn it ûnderwiis sitten, de lêste tiid foar syn pensjoen as direkteur fan de Kristelike Pedagogyske Akademy fan Snits.

Under fjildbiologen wie Van der Ploeg yn Fryslân tige bekend. As florist en dan benammen op it mêd fan Stinzeplanten, siggen, bearzerûch en hynstebloemen waard syn autoriteit yn hiel Nederlân wurdearre. Van der Ploeg hat 25 jier foarsitter west fan it Biologysk Wurkferbân fan de Fryske Akademy. Yn de spesjaal foar de publikaasjes op it mêd fan floara, fauna en natuerbeskerming ynstelde 'Botkerige' sitte de measte publikaasjes fan Van der Ploeg. As foarsitter fan de Stichting Avifauna Fryslân publisearre hy yn de santiger jierren it trijedielige standertwurk 'Vogels in Friesland'. Nei dizze searje publisearre Van der Ploeg jierren lang syn plantefynsten yn it tiidskrift Vanellus. Neist florist, fûgelman en natuerbeskermer, wie Van der Ploeg ek tige thús yn de geakunde en nammekunde. Hy hat de Fryske plantenammen wiidweidich yn kaart brocht.

Neist It Fryske Gea en it Bûn fan Fryske Fûgelwachten (BFVW) wie Van der Ploeg dochs ek fanôf it begjin lid fan de Fryske Feriening foar Fjildbiology (FFF). Hy stie folslein efter dit inisjatyf. It wie in groepke jonge, tige by de natuer belutsen minsken dy't de oanset foar de FFF dien hat. Sy seagen de natuer yn in wat breder perspektyf dan allinnich fûgels. It wie mear itselde wêr't ek it Biologyske Wurkferbân, wêr't Van der Ploeg foarsitter fan wie, har mei dwaande hâldt. De oprjochting is him lykwols ûntgien; wierskynlik hie dat ek te krijen mei it generaasjeferskil. Hy hat wolris


tsjin ien fan de oprjochters fan de FFF, Arend Timmerman sein dat it him spiet, dat de inisjatyfnimmers him der net yn behelle hiene. Hy hie graach meidien. Letter hat Van der Ploeg ek wol yn Twirre publisearre. Dat hie ek alles te krijen mei syn goede ferstânhâlding mei de minsken fan it Planterferbân, sa as Jacob Koopman.

Van der Ploeg hat seker fyftich jier de autoriteit op it mêd fan planten west yn Fryslân. Eltse jonge ûndersiker kaam út by Van der Ploeg, as by syn standertwurk 'Atlas fan de Floara fan Fryslân', útkaam yn 1977. Dizze plante-atlas hat bekendheid krigen yn Fryslân en fier der bûten. De atlas, hoewol yn it Frysk skreaun, stie ek yn hast alle universiteitsbibliotheken. It wie, en is foar in part noch, de plantefraachbaak foar leafhawwer en ûndersiker.

Syn lêste wichtige publikaasje op plantemêd wie 'Op planten net útsjoen', útjûn yn 1996. In tige tapaslike titel; Van der Ploeg wie oan de ein fan syn libben, noch net op planten útsjoen. Doe't Henk Jager syn earste planteboek 'Stellingwarver Plaanteboek; naemen en biezunderheden' op 1 septimber útkaam, wie Van der Ploeg der tige benijd nei. Eddy Weeda en Ultsje Hosper hawwe dit Plaanteboek deselde middeis oan Van der Ploeg yn it Hospice útrikt; hy wie der tige mei ynnaam. En wat wichtiger wie, hy seach dat it plante-ûndersyk en publikaasjes oan de ein fan syn libben, dochs trochset waard. Dat die him sichtber goed.

Mei it ferstjerren fan D.T.E. van der Ploeg, natuerbeskermer yn ieren en sinnen is in wichtich ûndersiker en publisist, benammen op it mêd fan planten, der net mear. Wy tinke yn grutte tankberens oan dizze florist werom.

Ultsje Hosper



D.T.E. van der Ploeg
foto: Dick Gaslinga

Publicaties van/over D.T.E. van der Ploeg in Twirre:

- 1990. Cornelis Brakman, aflevering 1. Twirre 1 (2): 1-5.
- 1990. Cornelis Brakman, aflevering 2. Twirre 1 (3): 7-10.
- 1991. Drie boeken over de plantenwereld van Nederland. Twirre 2 (3): 5-8.
- 1994. De Lobelia fan de roekebosk. Twirre 5 (4): 6-8.
- 1996. Oer de geslachtsferdieling by de galjes (*Myrica gale*). Twirre 7 (1): 10-11.
- 1998. Nocht oan planten, fûgels en lânskip - interview met D.T.E. van der Ploeg. Twirre 9 (4): 10-12.